



Jiertal / saaknûmer: 2024-064352

MOASJE

Art. 48 RfO

Moasje oer in net op de agenda opnaam ûnderwerp

De ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn gearkomste byinoar op 21 maart 2024

Underwerp: **Energzjyhubs yn Noardeast-Fryslân**

De ried,

heard it beried,

yn beried nimmend dat:

- it bestean (festigjen) en dêrmei de wurkgelegenheid fan guon grutte (famylje)bedriuwen yn ús gemeente faai stiet, lykas yn Hallum, omdat dizze bedriuwen net genôch stroom krije kinne fanwege in te fol en oerbelêst stroomnet;
- guon fan dizze bedriuwen al plannen foar energzjyhubs útwurke ha;
- Liander energzjyhubs as oplossing sjocht foar it ûntlesten fan it stroomnet;
- Provinsje Fryslân en FREON undersyk dien ha nei local4local en de belangrykste útkomst is dat energzjyhubs in positive bydrage leverje kinne oan de Fryske energzjytransysje;
- Deputearre Steaten tegearre mei gemeenten en lokale partijen oan de slach sille mei de útkomsten;
- men sjocht nei energzjyhubs by Ljouwert, Drachten, It Hearrenfean en Snits;

fan oardiel dat:

- it net sa wêze kin dat hjirtroch de bedriuwen yn Noardeast-Fryslân achterbliuwe mei as gefolch dat minsken harren wurk en bestean kwytretsjje;

ropt it kolleezje op:

- om rjochting Provinsje Fryslân noed út te sprekken oer it bliuwen fan wurkgelegenheid en dizze bedriuwen yn ús regio;
- DS te fersykjen om yn elts gefal Hallum yn ús gemeente mei te nimmen yn it ûndersykjen fan energzjyhubs;
- de ried hjirfan op 'e hichte te hâlden,

en giet oer ta de oarder fan de dei.

Yntsjinne troch: Marije van der Staal (S!N), FNP, GB, CU, CDA

Stimming	Foar: S!N, FNP, GB, CU, CDA, BVNL, PvdA (25)	Tsjin: -
Moasje oannaam		

Sa besletten troch de ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn syn iepenbiere gearkomste fan 21 maart 2024.

De ried niisneamd,
de griffier,

de foarsitter,

mr. S.K. Dijkstra

mr. J.G. Kramer